

RAADSFRAACH	
Fraach	<p>fan: FNP Waadhoeke oan: it kolleezje fan boargemaster en wethâlders d.d.: Foarm: skriftlik</p>
Ynhâld	<p>Underwerp: Brief fan db Pietersbieurm/Sexbierum fan 8 septimber 2021</p> <ul style="list-style-type: none"> • Yn it kader fan de gebietsûntwikkeling jilden beskikber steld binne foar de oanpak fan de regio • De doarpen Seisbierrum, Tsjummearum en Easterbierrum in upgrade hân hawwe. • Pietersbierrum harren doarpskearn graach oanpakke en opnij ynrjochtsje wol. • Der hjiroer op 8 septimber 2021 in brief nei it kolleezje ferstjoerd is troch DB • Seisbierrum/Pietersbierrum en de buertferiening Pietersbierrum <p>Fraach 1: Hat it kolleezje it brief fan Seisbierrum/Pietersbierrum ûntfongen?</p> <p>Antwurd: Ja</p> <p>Fraach 2: Is hjir al in reaksje op jûn rjochting doarpsbelang en buertferiening Seisbierrum/Pietersbierrum?</p> <p>Antwurd: Ja</p> <p>Fraach 3: Sa ja, wat is de strekking fan dizze reaksje?</p> <p>Antwurd: Wy hawwe meld dat it brief yn goede oarder ûntfongen is en dat de neiere beantwurdiging folget sa gau't der mear dúdlik is oer de oanpak dy 't jilde sil</p>

CONCEPT

	<p>foar de oerbleaune middels fan de Maatskippelike Plus. Dit is ek taljochte yn de lêste gearkomste fan de bestjoerskommisje (Harlingen-Franekeradeel) d.d. 25 novimber II. wêr't in fertsjintwurdiger fanút de doarpen yn partisipearret.</p> <p>Fraach 4: Kinne de oerbleaune jilden út de Maatskippelike Plus foar it werynrjochtsjen fan de doarpskearnen reservearre wurde foar de werynrjochting fan Pietersbierum?</p> <p>Antwurd: De oanpak en de ynset fan de beskikbere middels moatte noch neier bepaald wurde. Dat bart yn de bestjoerskommisje, op foardracht fan de gemeente Waadhoeke. Nei alle gedachten yn'e maitiid fan 2022.</p>
<p>Reaksje kolleezje (ried)</p>	